

# Wânswerter tsjerke

*(boud ca. 1175-1250. It efterste koardiel is yn 1335 troch de wij-biskop fan Utert ynseinge)*

Heech troanest boppe alles út.  
Dyn mânske sealtektoer  
sjocht ieuwen lang al grutsk en trou  
de Mar en greiden oer.

Fan slacht 'oan 't slachte, team op team  
hasto Wânswerters kennen.  
Better as ik witsto wannear  
En wa't yn Wânswert wennen.

As lytse poppe wie 'k foar 't earst  
tuskendyn tsjokke muorren.  
Doe fieldde ik noch net hoe lang  
de preken yn dy duorren.

Mei heit en mem yn 't fjouwerkant.  
Trije hantsjesfol mei wetter.  
'k Waard kjel en skriemde. Logysk, want  
't ferstân kaam jierren letter.

Sneinsskoalle mei dûmny's mefrou  
en Berber, dy't fertelt  
Oer Mozes, Lot en Abraham  
oer David, Israëls held.

It Krystfeest, mei in grutte beam  
fol kearsen, slingers, ballen.  
Heiten en memmen. Sara Spilet,  
wy sjonge mei ús allen.

In deadskiste. Master De Vries.  
Dyn klokken moatte liede.  
Hiel Wânswert rout, hiel Wânswert sjongt.  
Siemen Gearts mei begeliede.

In skoftsje letter in breidspear.  
Op it plak fan masters kiste  
stiet no in knibbelbankje klear.  
Sara is organiste.

Do, tjsjerke, plak fan drôvenis,  
mar ek fan heechtjiden,  
do witst krekt wat it libben is.  
Do stelst dêroer gjin fragen.

Stjert in âld minske, in jong bern,  
wurdt doopt, in houlik sletten,  
do joust de romte oeral foar  
en dy is rom bemetten.

De earste 'jeugd'tsjinst, 'k wit it noch,  
is mei Van Kranenburg.  
De jongerein hat meast it wurd,  
de dûmny is liturch.

Begraffenissen, houliken,  
Dooptsjinsten, 'avondmaal'.  
De koster hyt yn myn tiid Roel,  
letter is it Sip Staal.

Do âlde Tsjerke, tekene  
troch Eelke Siemens de Jong,  
hy die it mei in potlead, wylst  
ik dy yn wurden fong.

Do bist it byld fan libben, dea,  
fan ein en fan begjin.  
Dat is in tiidrek, dat gjinien  
folslein omfiemje kin.

De libbenen ha plak yn dy,  
de deaden om dy hinne.  
E.S. de Jong en Jan Tabak,  
no noch ûnder de sinne,  
sil ea foar harren ek dyn toer  
oer Mar en greiden droanje  
en sille hja, wer by elkoar,  
yn dyn âlde terp belânje?

Heech troanest boppe alles út.  
Ek as ik net mear bin,  
as Eelke net mear tekenet,  
ik net mear skriuwe kin.  
Do, âlde tsjerke, bist symboal  
fan God, fan ivichheid.  
Do bist dat noch als tekener  
of skriuwer ivich swijt.